

[0669] TA DE GRINZEN FAN DE IMPERATIVUS PRO INFINITIVO (IPI)

Teake Hoekema

Summary

All so-called IPI sentences can be converted into sentences with om te + inf. -n. But the reverse operation is not always possible. The author has accepted the challenge in an article by D.A. Tamminga (1959) to find out why certain sentences with om te + inf. -n are not convertible into IPI-sentences.

This contribution does not pretend to have defined the boundary between all convertible and non-convertible sentences with om te + inf.

Yn l i e d i n g

Ik ûnderskied by de sinnen mei in imperativus pro infinito (IPI) twa tipos. a) It oarspronklike tipe, dat tebek te bringen is ta sinnen mei njonkenskikkend ferbân tusken de beide parten mei in ynfinityf lykas bygelyks *do moatst nei hûs gean en fine in plak foar al dyn boeken*. Yn part II - dus it part nei *en* - wurdt *fine* mei troch syn posysje ta de ymperatyf *fyn*, in ferskynsel dat almeugend befoardere is sa net foaral ûntstien is mei't by it grutte skift tiidwurden op *-je* de foarm fan de ynfinityf gelyk wie oan dy fan de ymperatyf. Lykweardich oan dy sin is de sin mei *om te* + bûgde ynfinityf (b. y.) *do moatst nei hûs gean om in plak foar al dyn boeken te finen*. Dat wol lykwols net sizze dat oarsom alle sinnen mei *om te* + b. y. omsetber binne yn sinnen mei in IPI, wat him by elk gefal eksperimenteel dúdlikernôch fêststelle lit. No kaam *om te* + b. y. ek foar yn hiele oare sinnen, lykas bygelyks *it is in griis om sa'n hûs ôf te brekken* of *it útstel om dat subsydzje yn te lûken tsjûget fan koartsichtigens*. Sokke sinnen mei *om te* + b. y. wiene de brêge ta in nij "fersin": b) it analooch foarme tipe mei ûnderskikkend ferbân, lykas bygelyks *it is in griis en brek sa'n hûs ôf, it útstel en lûk dat subsydzje yn tsjûget fan koartsichtigens*, ensfh. Yn sokke sinnen noch yn de sinnen mei *om te* + b. y. dêr't se ta tebekbrocht wurde kinne wie njonkenskikkend ferbân: part II is al oankundige yn part I en dus diel fan de hiele sin, of it jout de ynhâld ('content') oan fan it substantyf dêr't it by heart lykas yn it lêste foarbyld *it útstel* en is dus net njonkenskikt oan wat oan *en* foarôfgiet. It leit dus yn de reden om dit tipe sinnen oan te tsjutten as sinnen mei ûnderskikkend ferbân. It bliuwt it ienfâldichst om part II yn al dy sinnen dy't net tebekbrocht wurde kinne ta sinnen mei njonkenskikkend ferbân ûnderskikt te neamen.

Yn jiergong 1959 fan *De Pompebledden* levere D.A. Tamminga op side 126-131 ûnder de titel 'Fan sinnen en bysinnen' syn bydrage oan it yn dy snuorje opkom-

mende fraachstik hoe't de spesifyk Fryske konstruksje mei de IPI te beoardieljen wie. Hy komt dêryn mei in dracht foarbylden, ek fan de ferbining mei *om te* + b. y., dy't in konkurrint fan de IPI wêze kin, mar dat net altyd is. Tamminga trune my yndertiid oan om gear te gean oer de kasuïstyk fan de IPI. Sont haw ik wol oer de IPI skreaun, mar de frage hokker gefallen fan *om te* + b. y. at omsetber binne yn in IPI is oan no ta lizzen bleaun. It liket my de baas ta en gean it hiele materiaal fan Tamminga noch ris bylâns.

Dêr is fuort al it motto dat syn bydrage meikriget:

hwat ik sizze woe en lige net

dat ik net oars ken as

wat ik sizze woe en liich net.

Men kin jin ôffreegje oft dat 'lige' by Tamminga in nei foaren helle ynfinityf is of de âlde foarm fan de earste persoan iental fan it praesens. Yn it earste gefal soe men oannimme moatte dat der sibskip bestiet mei in sin as

ik woe dit sizze en net lige

mar omdat dy al slim konkurrinsje hawwe kin fan de fariant

ik woe dit sizze om net te ligen

hat it net folle eigenskip dat wy mei in nei foaren helle ynfinityf (dy't letter oergean kin yn in ymperatyf) te dwaan hawwe. Earder tink ik oan in ferbining mei in sin as

ik woe dit sizze en (ik) liich (âldere foarm: lige) net.

Dêr is dan *en liich net* út isolearre en in eigen libben begûn te lizzen. It leit my sa by dat *en liich net* ek benammen foarkomt yn *ik*-sinnen. Mei oare wurden, ik doar it net oan en ferslyt *en liich/lige* foar in konstruksje dy't hjir oan de oarder is.

Nei't Tamminga op side 126 mei it foarbyld *gjinien hat it rjocht en forbied my dit paed* as in geef priuwke fan in IPI syn bydrage ynlaat hat, sjocht er op side 127 swierrichheden by it oersetten fan de út G.S. Overdiep syn *Stilistische Grammatica* stammende Drintsk 'angehauchte' sin

Jan is naar Sleen en kijken 's even op de markt.

Hy hat fansels gelyk oft er seit dat dy sin yn notiidsk Frysk net wurde kin:

Jan is nei Sleen en sjen ris efkes op 'e merk

mar trochstrings en mooglik wol altyd korrespondearje de ynfinitiven yn sokke Saske sinnen mei in ymperatyf by ús en, oars as Tamminga, sjoch ik dus gjin inkel beswier yn in oersetting ta

Jan is nei Sleen en sjoch ris efkes op 'e merk.

Sa kin der by my ek folslein op troch it fan Tamminga (side 128) ôfkarde gefal

it is in lust en sjoch der nei.

Oarspronklik stie nêst *om te* + b. y. allinne *en* + IPI yn sinnen mei njonkenskikkend ferbân. Oant nei analogy dêrfan sinnen as *it is in lust (om) der nei te sjen* ek IPI-sinnen kreëarren lykas Tamminga syn foarbyld, dêr't *it* it part mei de IPI oankundiget en wy dus mei in ûnderskikkend ferbân te krijen hawwe. Mei Tamminga iens bin ik it at er dit foarbyld fersmyt:

hwat sille wy dan noch dwaen en sykje om lytse tokoarten?

dêr't grif bedoeld wie:

hwat sille wy dan noch dwaen to sykjen om lytse tokoarten?

De sin betsjut sa folle as *wêrom sille wy dan noch sykje om lytse tekoarten* en nei *dwaen*, dat hjir net de betsjutting *útrjochtsje* hat, wie de omsetting yn de fariant mei *om te* + b. y. ûnmooglik. Dat sadwaande. Mar sa geef as kryt is neffens my it fan Tamminga sels fersmiten foarbyld út syn *Ballade fen it hûs mei it dûbele dak*:

dan hie al hwat jong / Wie ien dei it frij en hofkesjong.

Dat hoecht alhiel net troch te gean foar *dichterlike frijheit*, mar is folslein te ferlykjen mei Tamminga syn iepeningsfoarbyld *gjinien hat it rjocht en forbied my dit paed*. Part II yn dizze sinnen jout de ynhâld wer fan resp. *it frij* en *it rjocht* yn part I.

Dan lit er njoggen gefallen folgje mei *om te* + b. y. Twa dêrfan hoech ik hjir net wer oer gear, t.w. *de polysje kaem by him, om him út to hearren* en *it idé om de Lauwerssé droech to lizzen is net alhiel nij*. Foar it earste ferwiis ik nei De Haan & Weerman 92-93, Hoekstra 97-99 114 117-118, UW 1959 86-87, UW 1971 69-71, UW 1972-1973 158 163-164, UW 1975 32 40, De Waart 1971 4 13-14 17, id. 1972 13-16 21-23; foar it twadde nei De Haan & Weerman 96, UW 1959 87, UW 1971 72, UW 1972-1973 166, De Waart 1971 18-19, id. 1972 19.

Nijsgjirrich is Tamminga syn foarbyld

ik skrep al wakker om op dyn brief to antwurdzjen.

Oft wy hjir te dwaan hawwe mei in yn in IPI-sin omsetber foarbyld, moast it mooglik wêze om dat te "regenerearjen" ta in foarbyld mei twa ynfinitiven en njonkenskikkend ferbân:

ik moat wakker skreppe en op dyn brief antwurdzje.

Dat heart lykwols like dwaas as at wy sizze soene:

hy moast wakker skreppe en op 'e trein komme.

Underskikkend ferbân en dus omsetberens ta in IPI-sin soene wy hân hawwe oft it foarbyld west hie:

ik skrep der al wakker tsjinoan om op dyn brief to antwurdzjen

mar dat wie hjir net it gefal en dit foarbyld by Tamminga fan *om to* + b. y. bliuwt dus ûnomsetber. De twa foarbylden - yn it lêste litte wy de komma wei -

dat is in ding om wiis mei to wêzen en dat is gjin jongesstreek om stil gewurde to litten litte har wol omsette yn IPI-sinnen: dat's in ding en wês wiis mei en dat's gjin jongesstreek en lit stil gewurde.

Beide wurde yn ien sike sein en hawwe de klam resp. op *wiis* en *wur-*. De fierdere foarbylden op dy side moatte wy langer oer gear. Se hawwe mien dat se ûnomsetber binne. Om te begjinnen dizze trije:

wy namen in oar paed, om de fjildwachter to ûntkommen

hy dronk hieltyd sterke koffje, om wekker to bliuwen

men yt om to libjen, mar libbet net om to iten.

Dizze sinnen hawwe foar en nei *om* in wurd(lid) dat mear klam kriget as de oaren; hokker at dat is hinget fansels ôf fan wat wy der fierders as kontekst by tinke moatte. In maklike test by dit soarte fan sinnen is oft wy yn it lêste stik sûnderdat de betsjutting feroaret wurden as *sadwaande, dêrtroch* ensfh. ynfoegje kinne of net. By in omsetber foarbyld as

do moatst nei 't stasjon gean om sadwaande in kaart te heljen

slagget dat net, mar wol by dy trije foarbylden, byg.:

wy namen in oar paed, om sadwaande de fjildwachter to ûntkommen

en

hy dronk hieltyd sterke kofje, om dêrtroch wekker to bliuwen.

Lykas sein, omsetting ta in IPI-sin slagget jin by sokke foarbylden net:

**men yt en libje, mar libbet net en yt.*

De krekt diene test is net mooglik by it lêst oerbleaune foarbyld op side 128:

dy bromfytsen meitsje in leven, om gek fan to wurden.

Mar lykwols kin omsetting ta in IPI-sin net wurde:

**dy bromfytsen meitsje in leven en wurd gek fan.*

Oars as bygelyks yn it foarbyld hjirboppe 'dat is in ding om wiis mei to wêzen' hawwe wy hjir in sin mei yn part I in subjekt en in objekt. Kinne wy foar sokke foarbylden de stelling opsette dat oft it (latinte) subjekt fan part II wat oars is as it subjekt of it objekt fan part I, omsetting yn in IPI-sin ûnmooglik is? In pear oare foarbylden:

se behannelen dat ynstitút om benaud fan te wurden

en

dat bled hat in tydskriftresensint om fan te spijen.

Ek dêr komt de stelling út. En dy komt sels út oft der yn part I in datyfobjekt is dat oerienkomt mei it (latinte) subjekt yn part II:

hy joech it bem in presintsje om wiis mei te wêzen,

want it wol jin net út de mûle en sis:

hy joech it bern in presintsje en wês wiis mei.

Yn de net-omsette sin freget de yntonaasje nei *presintsje* om in ferfolch. Op papier soene wy mei *hy joech it bern in presintsje* fansels ek ai in goede sin hawwe. Dat lêste jildt net, oft wy yn in sin mei uterlik deselde struktuer

hy joech it bem de rie om syn bêst te dwaan

it part nei 'rie' weilitte. Mar it wichtichste ferskil is wol dat wy dêr mei in content phrase te meitsjen hawwe: *om syn bêst te dwaan* is de ynhâld fan *de rie*.

En sa'n foarbyld is omsetber:

hy joech it bern de rie en doch syn bêst.

De foarbylden op side 129-130, dy't stamme út De Tsjerne 1957 side 301-316, binne allegearre goed; foar it foarbyld *wylst Wadman ynpleats fan op de kathedre stean to gean en forkundigje in ivich litterair boadskip, derûnder sitten giet* ferwize wy nei UW 1959 86.

Nijsgjirriger binne de gefallen op side 131. It earste dêrfan hat spitigernôch te min kontekst om der wat mei begjinne te kinnen. Twa foarbylden hawwe yn part II *to kinnen* en binne dus ûnomsetber:

hy falt oan om him weromlûke to kinnen en lûkt him werom om oanfalle to kinnen

en

as yntellektueel is er artyst genôch om net fan de waarmte fan it libben ôfsjen to kinnen.

Foar it earste foarbyld jildt dat it ûnomsetber bliuwt by ferienfâldiging ta

hy falt oan om him werom te lûken en lûkt him werom om oan te fallen.

Yn it net-ferienfâldige foarbyld kin *sadwaande* of *dêrtroch* ynfoege wurde, yn it al ferienfâldige foarbyld kin men *dêrnei* ynfoegje: *om* wordt dêr kontinuatyf en de (dûbel)sin dêrmei ûnomsetber. Sa stribbich is it oare foarbyld net, want dat wurdt by ferienfâldiging:

as yntellektueel is er artyst genôch om net fan de waarmte fan it libben ôf te sjen

en dat lit him maklik omsette, om't *genôch* part II opropt:

as yntellektueel is er artyst genôch en sjoch net ôf fan de waarmte fan it libben (fansels kin *ôf* sin ek beslute).

In beswier is der ek net yn de neikommende twa foarbylden, yn de twadde wêrfan't wy *om* tafoegje:

it forlangen om in soarte fan Slauerhoff to wurden makket fan in boarger noch gjin dichter - ... dat men fan [Nijhoff]j leare kin om it ûnsinnige troch to sjen fan Wadman syn stelling dat in dichter syn frijheit foroverje moat op de tucht.

It earste foarbyld stiet op ien streek mei *it idé om de Lauwerssé droech to*

lizzen is net alhiel nij en it twadde soe men ek begjinne litte kinne mei ... dat men bisykje kin om ensfh.

De test mei *sadwaande* of *dêrtroch* kin men tapasse op

de dichter moat him yndied ûntwine oan de tucht dy't syn litteraire foargongers der op nei hâlde..., mar allinnich om in nije, eigen tucht to winnen

en om't dy posityf útpakt is omsetting ta in IPI-sin dus ûnmooglik.

It lêste foarbyld sit wat mear beet oan. Wy bedoele de sin

it protest fan in jong skriuwer, dy't hwat hie om to protestearjen, is net heard.

Is omsetting ta *dy't hwat hie en protestearje* mooglik? No komt part II hjir wat min út de ferve om't it allinne út in ymperatyf bestiet en it liket ús ek om oare reden better ta om *tsjin* yn te foegjen. Ik mien dat sinnen as

se hat suver nimmen om tsjin te praten

en

hy hat neat om tsjin te protestearjen

omsetber binne ta

se hat suver nimmen en praat tsjin

en

hy hat neat en protestearje tsjin.

Dan moat men ek sizze kinne:

hy hat/hie wat en protestearje tsjin

en dus ek

dy't wat hie en protestearje tsjin.

Fansels bliuwt der noch gâns ûndersyk oer ear't it "ryk" fan de IPI folslein ôffredige is. Mei dit bytsje in oantrún wêze om it petear dêroer fuort te setten.

*Julianalaan 26
9801 BP Súdhorn*

Literatuer

Germen de Haan & Fred Weerman, Finiteness and verb fronting in Frisian. Yn: H. Haider & M. Prinzhorn, *Verb second phenomena in germanic languages* (Dordrecht/ Riverton 1986) s. 77-110.

Jarich Hoekstra, 'Verb second' en de 'imperativus pro infinitivo' in het Fries. Yn: TABU XVII (1987) s. 96-121.

D.A. Tamminga, Fan sinnen en bysinnen. Yn: *De Pompebledden XXX* (1959) s. 126-131.

Us Wurk. Hjiryn fan Teake Hoekema: In spesifyk Frysk syntagme I-II, yn UW VII (1958) s. 17-23, VIII (1959) s. 85-88. Sentences with imperativus pro infinitivo I-II, yn UW XX (1971) s. 61-74, XXIV (1975) s. 35-48. Fan Geart van der Meer: Is it de muoite wurdich en lêz dit? (a description of the so-called 'en + imperative construction' in Frisian, yn UW XXI-XXII (1972-1973) s. 151-166. The imperativus pro infinitivo reconsidered, yn UW XXIV (1975) s. 19-34. Wurdfolchoarder nei *dat* en de *en* + ymperatyfsin, yn UW XXXVI (1987) s. 1-13.

A.A.J. de Waart, Constructies met *en* + "imperatiefzin" in het moderne Westerlauwerse Fries. Yn: *Stúdzjekonferinsje Frysk 6 en 7 april 1971 to Grins* (Ljouwert 1971) s. 3-31. Id., Twee aspecten van de Friese imperativus pro infinitivo: "Saamhorigheid" en "content phrases" (1972) 40 siden (ferskynd as losse bylage by de publikaasje út 1971].